

't Skieppesturtsje

*Doarpskrante fan
Tsjerkwert e.o.*



36e jiergong - nûmer 2, maaie 2013



Durk Breeuwsma

loonbedrijf & kraanverhuur



Stekt foar jo de hannen út de mouwen



Meer weten? T 06 53 88 61 49

E info@durkbreeuwsma.nl • I www.durkbreeuwsma.nl

Westerskatting 4, 8614 AP Oudega (W)



balen persen en wikkelen • hekkelen • sleepslangbemesten • kraanverhuur
transport met oprijauto • zand-, grond- en grindhandel • grondverzet

GIETEMA

EXMORRA - TJERKWERD

FOURAGE - AGR. WINKEL - TRANSPORT

Tel. 0515 - 576633 - 579156 Fax 0515 - 576644

www.gietemafourage.nl

SKJIN GROENREINIGER

Skjin groenreiniger is het milieuvriendelijk product dat eenvoudig en effectief algen, mossen en groene aanslag verwijdt. Dit alles zonder schrobben of gebruik van een hogedrukreiniger. In verband met de afwezigheid van schadelijke nawerking en het geringe residu, hoeft er niet worden nagespoten.

- biologisch afbreekbaar
- niet schadelijk voor de ondergrond
- zonder schrobben of borstelen





ontwerp ■ onderhoud ■ vlonders ■ walbeschoeiing

Sylroede 2
8765 LV Tjerkwerd

Tel: 06 5200 7210
www.bakkertuinanleg.nl



**HAIRSTYLE
HAARSMA**



HAIRSTYLE HAARSMA
Anita Haarsma

De Marne 55 | 8701 PV Bolsward
06-30417958

www.hairstylehaarsma.nl
info@hairstylehaarsma.nl

Industrieterrein De Marne
Bij Compaan

Inhoudsopgave


Inhoudsopgave.....	2
Van de redactie	4
Vrijwillige bijdragen	4
Ljipaaisykjen yn 2013 – in spultsje fan kâlde fuotten	5
Nieuws van stichting It Waltahûs.....	7
EHBO Tjerkwerd	8
Biljartseizoen 2012-2013	9
Nijs fan Eensgezindheid	10
Okke en Corrie Postma 60 jier troud!	11
Nieuws van Oranjevereniging Mei inoar Ien	12
Najsonale Moledai yn it ramt fan “Molenaar als Erfgoed”	13
Tsjerkepaad 2013	14
Koninginnedag Tjerkwerd 30 april 2013	15
Koningsspelen op cbs de Reinbôge.....	16
Fotoimpressie Koningsspelen Cbs de Reinbôge.....	17
Fotoimpressie Koninginnedag.....	18
Familieberichten	21
In memoriam.....	21
Bedankt	21
Optreden Kerkkoor Tjerkwerd – Dedgum en Cresendo Warns.....	23
Nieuwbouw op It Skieppefjild	24
Jan Witteveen op pylgrimaazje	25
Klaverjasseizoen 2012/2013	31
Nieuws van KF de Twa Doarpen	32
Pearkekeatsen in Tjerkwerd	33
‘Stappers van Toen’,.....	34
Ynstee fan snypsnaren: In puzzel!	35

Kopij foar it nije nûmer graach foar
6 septimber 2013 nei:

itskieppesturtsje@gmail.com



't Skieppesturtsje – 36^e jiergong – nûmer 2, maaie 2013



Redaksje-adres:

**Mireille Galema
Dyksicht 2
8765 LX Tsjerkwert
☎ 0515-579338**

**e-mail :
itskieppesturtsje@gmail.com**

Redaksje :

**Gerben Wijnja
Sylroede 4
0515-579348**

**Anneke Feenstra
Bolswarderweg 1a
0515-577117**

**Riemkje Lemstra
Sylroede 5
0515-579706**

**Fokko Rollema
Singel 8a
0515-579051**

**Stinsilwurk :
Praktijkschool de Diken, Sneek**

**Foto omslach :
G.D. Wijnja**

*'t Skieppesturtsje is de doarpskrante fan
Tsjerkwert en omkriten. Dizze krante
wurdt hûs oan hûs besoarge troch de
redaksje.
De krante kin bestean troch frijwillige
bijdragen fan de lêzers.*

Van de redactie

Voor u ligt de mei editie van 't Skieppesturtsje. Voor het eerst in jaren is het 1^e kievitsei van Tjerkwerd niet gevonden voor 1 april. Dit alles heeft natuurlijk te maken met de frisse start van dit jaar, waar we tot op de dag van vandaag nog mee te maken hebben. Toch heeft onze verslaggever Gerben D. Wijnia, Rintje Bakker opgezocht voor een interview over het "Ijipaaisykjen in 2013"

Ook staan we even stil bij het overlijden van 3 Tjerkwerders: de gezusters Brechtsje en Renske Bakker en Jelmer Wijnia, de zoon van ons mederedactielid Gerben Wijnia. Wij wensen de nabestaanden veel sterkte toe met dit verlies.

Deze editie bevat voor het eerst geen Snypsnaren maar een heuze puzzel waarin uw kennis van Tjerkwerd en de inwoners ervan wordt getest. Door ruimte gebrek ontbreekt het recept van Riemkje maar zij is in de volgende editie weer van de partij.

Wij wensen u veel leesplezier!

Namens de redactie ,
Mireille Galema

Vrijwillige bijdragen

VRIJWILLIGE BIJDAGEN ZIJN ONTVANGEN VAN;

Fam. G. Folkertsma Ymswâlde, Mevr. A. de Jong Kollum, R. Zijlsing-Twijnstra Bolsward, Fam. I. Schukken, J. en J. van der Stap, Fam. I. van der Gaast-Wiersma Dedgum, Maatschap Dijkstra Koudum, Maatschap J. en T. Zijlsing, Th. en S. Wiersma Bolsward, W. en J. de Jong-Visser, Fam. S. Gietema, R.C. cj Posthumus Burgum, Fam. A. Galama Rytseterp, Fam. T. Burghgraef e.o., C.G. Bouman Dedgum, Maatschap Galama Arkum, Mevr. B. Bakker-Poelstra Bolsward, Dhr. W. Poelstra, Maatschap Twijnstra-Terpstra, F. Vinke e.o Deventer.

Namens de redactie, heel hartelijk bedankt voor uw bijdrage!

Bijdragen kunnen overgemaakt worden met vermelding "Bijdrage it Skieppesturtsje" en het jaar waar het betrekking op heeft.

Bankrelatie ABN/AMRO bank Bolsward, rekening; 84.76.68.398

Ljipaaisykjen yn 2013 – in spultsje fan kâlde fuotten

It aaisykjen hie dizze maitiid neat om ‘e hakken en dochs ek wer wol. As it om it finen fan aaien oankomt binne de 17 dy’t der meiinoar fûn binne wol in grut djiptepunt yn ‘e skiednis fan dizze fûgelsport. “Gjin dop,” seinen se by de ferneamde aaisikersklup De Ald Hij. En ek by ús yn Tsjerkwert waard der net lottere en is der net in namme byskreaun op ‘e wikselbeker dy’t troch de tradysje fol stiet mei de nammen fan ús ferneamde ljipaaipommeranten.

De oarsaak fan dit alles is it winterkâldewaar dat mar oanhold. Snein 31 maart wie de lêste dei dat der noch nei ljipaaien socht wurde mocht, mar in soad gemeenten moasten it dit jier sûnder de bekende rituelen dwaan wat it oanbieden fan it earste aai oanbelanget. Ek yn Tsjerkwert.

Wy diene in lyts rûntsje by in pear natoerfreonen del. De earste dy’t wy begjin april thús troffen wie Rintsje Bakker.

“Ik ha dit jier net iens fuort west. Ik ha net in meter socht. Ik seach it wol oan ‘e fûgels. It wie te droech en de winter wie te lang. De liep hie dêrtroch te min fretten.”

Dat wie yn ‘e buorren ek wol te sjen. Kloften ljippen sieten yn maart, doe’t de froast mar net wike woe, op ‘e iisbaan yn ‘e grûn fan it dykje om te skarreljen,



op syk nei wat fretten. Mar de wjirms sieten troch de froast te djip. Rintsje wit dat as mollefanger mar al te goed. Mar hoe koe dat no sa mei dat waar? Rintsje hellet dêr in âlde wiisheid fan syn heit foar op.

“As de wyn ein febrewaris, begjin maart nei it noardeasten set, hat er dêr jongen. Hy is der net wei te slaan. Dan moat it earst healwei april wêze foardat er dêr wer wei giet.”

Mei oare wurden: as wy dit waar yn desimber jannewaris hân hiene, wie der sûnder mis in Alvestêdetocht riden op hynsteis. Mar dan hie it ek glûpende kâld west en wiene de streamrekkens oer dy moannen noch helte heger west as dat dy no binne.

Kom by Rintsje en krijst in ferhaal. Sa maklik leit dat wol. Ek no wer. Hy hat gjin aai fûn, mar hy wit wol dat der in bult foksen binne, in ferskriklike pleach. Se pakke hazzen, hinnen fan de hiemen, aaien en se bite skriezen de kop fan 't liif en litte dan soms de aaien gewoan lizze. Sels guozzen en swannen ûntkomme net oan dizze moardnerspraktiken.

“Rovers binne it. Se romje alles op,” wit Rintsje en grutsk komt er mei in foto oansetten. Mei in brede laits op syn gesicht lit er sjen dat er in knaap fan in foks omheech hâldt.

“Ik ha him dea sketten. Dat mei no. Seldum, sa’n grutten. Jan van der Laan fan Makkum hat him foar in leafhawwer opstoppe. Ik fûn it moai, want ik wit wat foar doerakken it binne.” Mar hoe komt it dit jier mei de ljippen? Rintsje hellet de skouders op.

“Ik wit it net. Miskien wurde der no wol mear piken grut.”

Sneon de 23e maart wie sa’n dei wêrop mannich ljipaaisiker noch in kânske weage. Alle gear kamen se ferbjustere of ferslein wer thús, mei neat, gjin dop. Op ien nei, want yn ‘e glûpende kjeld fûn in trochsetter út Summarreheide by Earnewâld dochs it earste aai fan Fryslân, it earste fan de 6307, mar dit kwotum soe langenei net helle wurde. Wie de kâns om in aai te finen in desillúzje?

Jaap van Lingen lei him der net by del en sette al it skrale, kâlde fjild yn. Tsjin better witten yn?

“Ik ha krekt as altyd in wike frij hân fan ‘t wurk. Ik fyn it lekker om bûten te wêzen. Alle dagen rûn ik yn it fjild sûnder dat ik in liep seach. Waar of gjin waar, ik makket my neat út. It wie wol waardeloas wat de aaien oanbelanget.”

Mar eins kin him dat ek neat skele. Foar my sit in tefreden man dy’t genôch natoerfreon is om ek fan dizze unike omstannichheden te genietsjen. En hast hie it noch wat opsmitten ek.

“De lêste sneons krige ik in kâns.”

Moai trêdzje, moai fuortfleane, it binne fan dy opfallende saken dy’t in aaisiker yn alle staten bringt. Mar it smiet neat op.

“It is krekt oft it gedrach fan de fûgels feroaret. Froeger wie dit in 100% kâns en no is it niks.” En dan komt Jaap noch mei in opmerklik foarfal op it aljemint.

“Wy sieten hjir oan de keukenstafel. Ik seach mei de fierrekiker it lân oer om de ljipkes wat te folgjen. Seit Betty ynienen: Sitst no wol mei dy kiker yn ‘t lân te sjen, mar se sitte hjir yn’t gers tusken ús hinnen hear. Ik hie se folslein oer de kop sjoen.”

In bysûnder jier waard it ek wat de neisoarch oanbelanget. Dat begûn foar Jaap suver al yn de tiid fan it sykjen.

“Dy fûgels ha ik fuorre. Se sieten hjir op it hiem. Ik struide wol rys, fûgelfoer en hinnefoer, mar se lieten dat lizze, hoe hongereich se ek wiene. En no ik de

echte neisoarch doch, moat ik sizze dat ik noch gjin aai fûn ha. (12 april, flak foar de grutte temperatoerwiksel)

“De fûgels geane net iens oan ‘e lech. Mar foar it meanen moatte de piken al grut wêze fansels.”

Dan mar ris by Klaas Boersma oan om te fernimmen nei syn fisy. Hy heart yn ús tradysje ek ta de pommeranten dy’t mei eare yn ‘e wikselbeker grafearre binne. Hy hat drok mei de hegedrukspuit dwaande west en stiet mei in bierke achterhûs by de buorlju te praten.

“Ik ha it opsein en hie ek gjin kaart. Ik bin allinne noch donateur. Ik fyn der ek niks mear oan. Al dy regeltsjes. Nee, it is net mear fan dizze tiid. Nei it earste fan Fryslân moatte se daliks kappe.” Dêrmei jout er oan dat er miskien de hiele Tsjerkwerter fûgelwrâld wol oer him hinne krijt, mar it sil him woarst wêze. “Ik ha it drok genôch. Ik sit yn de Oranjeferiening en bin foarsitter fan de Workumer Sportvisclub.” Hy mei noch graach ris te fiskjen en belibbet de natoer op dize wize dan ek fan tichtby. Want earlik is earlik, dêr kin er net sûnder.

Samar trije aaisikers mei in eigen ferhaal, hiel útienrinnend, mar faaks wol illustratyf foar wat dizze fjildsport yn ‘e takomst te wachtsjen stiet.

Gerben D. Wijnja

Nieuws van stichting It Waltahûs

Hier weer even een stukje van het bestuur van It Waltahûs. Het activiteiten seizoen is alweer zo goed als ten einde en we gaan zo langzaam aan weer bezig met de zaken te regelen voor het dorpsfeest.

Hierbij een korte terugblik wat er vanaf februari de revue is gepasseerd: Voor onze vrijwilligers hadden we op 2 maart een Casino avond georganiseerd, er was een roulette en een black jack tafel aanwezig. Afgaande op de reacties heeft iedereen het een leuke en geslaagde avond gevonden.

De laatste Koninginnedag had door de troonswisseling een iets ander karakter; met het beamerscherf de hele dag aan was er koffiedrinken, spelletjes en knutselen met de kinderen in en om het Waltahûs. Ook de BBQ 's avonds was weer uitstekend verzorgd door de Oranjevereniging en het bleef lang gezellig in het Waltahûs..

Zoals al gezegd is ons seizoen weer bijna ten einde; op 12 mei was er het Pearke keatsen met nadien prijsuitreiking in het Waltahûs en op zaterdag 25

mei de grote klus en schoonmaak ochtend zodat het Waltahûs weer spik en span de zomer in gaat.

Overigens is het Waltahûs op vrijdagavond gewoon geopend voor een gezellig hapje en drankje. De laatste tijd wordt er weer flink fanatiek gedart en ook hebben we de beschikking over een tafelvoetbal en een tafeltennistafel dus reden te meer om ook eens een bezoekje te brengen!!!

Een fijne zomer toegewenst namens het bestuur en tot aan het nieuwe seizoen waarvoor ideeën en suggesties altijd van harte welkom zijn...!!!

EHBO Tjerkwerd

Op vrijdagavond 1 maart 2013 hielden wij als EHBO-vereniging weer onze jaarvergadering in It Waltahûs. Na de gebruikelijke zaken, zoals het voorlezen van de notulen en het verslag van de penningmeester hadden we deze keer weer een jubilaris in ons midden! Namelijk Hinke Brandsma-Leeverink. Zij is gehuldigd, omdat ze 25 jaar lid is van de KNV.EHBO afd. Tjerkwerd. Mevr. T. Muurling van het district Fryslân van de KNV.EHBO kwam speciaal hiervoor om Hinke als onderscheiding de dr. C.B. Tilanus Zilveren Medaille te overhandigen. Niet iedereen met dit aantal jaren lidmaatschap ontvangt automatisch een herinnering. Maar Hinke is gedurende 13 jaar secretaresse van de vereniging geweest en vanaf 1992 verzorgt ze mede de lessen jeugd-EHBO-A op de basisschool in het dorp. Al jaren heeft ze een EHBO-post aan huis en tegenwoordig heeft ze het beheer over alle EHBO-materialen. Tevens heeft ze al meer dan 200 keer de verwarming in het dorpshuis t.b.v. onze lessen aanzet! Hinke is het 7e lid v.d. vereniging, in het 55-jarig bestaan, die nu al 25 jaar lid is.

Het bestuur en de leden van de EHBO-vereniging Tjerkwerd hebben Hinke Brandsma deze avond een prachtig bord van Workumer Aardewerk aangeboden, met daarop het EHBO-embleem geschilderd, dat op de foto door de voorzitter Hinke Twijnstra (links) wordt overhandigd.



Hinke Brandsma neemt het bord van Workumer aardewerk in ontvangst.

Hinke Twijnstra maakte een gedicht over de 25 jaar van Hinke Brandsma bij de EHBO. Dit gedicht is te lezen op de website van Tjerkwerd: www.tsjerkwert.nl/joomla/

Onze vereniging telt momenteel ± 45 leden, waarvan ongeveer de helft deze vergadering bezocht. Tevens hadden we dit jaar een bestuurswisseling. Akke de Haan heeft na 25 jaar het bestuur verlaten en Agatha Miedema heeft zich bereid verklaart om lid van het bestuur te worden naast voorzitter Hinke Twijnstra en penningmeester Gjetje Dijkstra en secretaris Jantje van der Stap en Hinke Brandsma.

Na de pauze hadden we een geweldig interessant en leerzaam verhaal over de brandwondenstichting. Mevrouw Riek Nauta uit Sneek van de Ned. Brandwondenstichting hield een indrukwekkend betoog en liet ondertussen zeer indringende foto's zien van personen met diverse letsels, veroorzaakt door verschillende brandhaarden. We hebben hier veel van opgestoken en gingen wat later dan gewoonlijk onder de indruk weer naar huis.

Het bestuur van de EHBO-vereniging te Tjerkwerd

Biljartseizoen 2012-2013

Het seizoen is weer voorbij. De laatste biljartavond (en klaverjasavond) werd gehouden op dinsdag 9 april jl. De keu kan weer voor een aantal maanden in de kast.



Het vorig seizoen was de kampioensbeker weer verhuist naar Bolsward doordat Rein Galama deze op het laatste moment nog in de wacht sleepte. Het afgelopen seizoen is de beker in Tjerkwerd gebleven. De beker werd nu veroverd door Theo Galema.

Voor het komende seizoen zal iedereen zijn best weer doen om de titel te behalen en proberen om deze van Theo af te snoepen.

De uitslag van het seizoen 2012-2013:

Als 1^e geëindigd en kampioen Theo Galema.

Net één puntje te weinig voor de 1^e maar toch een mooie 2^e plaats voor Jan Postma. Meestal een goede middenmotor maar nu toch een 3^e plaats voor Douwe Poelstra, een 4^e plaats voor Sjoerd Bouma en een 5^e plaats door Haye Huitema.

Alle prijswinnaars van harte gefeliciteerd. Nu gaan we eerst van de zomer genieten en de vakanties. De eerste dinsdag van oktober gaan we ons weer richten op het biljarten.

Iedereen een prettige zomer en vakantie toegewenst.

Biljartvereniging H.T.S.

Nijs fan Eensgezindheid

O.N.F.K.

Dit stiet foar it Open Nederlands Fanfare Kampioenschap dêr't Eensgezindheid 5 april oan mei dien hat. Dat wie wer in hiele ûnderfining mar spitich genôch gjin kampioen oars hiene jim dat wol murken. It waard in fiifde plak yn in sterk dielnimmersfjild fan 9 fanfares, dat de measten koene der jûns wol wer fan sliepe. It wie wer in hiele tarieding en de hiele winter ha wy yntinsyf repeteard hast allinne op dat iene stik dat Dogon hjitte. Wy ha der sels in hiele dei mei dwaande west, mei dat stik fan 10 minuten mei ferskillende diriginten en in try-out konsert holden yn Nijlân mei oare korpsen dy't ek nei in konkoers soene. 5 april wie it dus safier dat Eensgezindheid op it grutte poadium fan de Lawei siet ûnder de mikrofoans fan omrop Fryslân. De sjuery fan trije man siet efter in skerm en wit net watfan korps der spilet om sa objektyf mooglik har wurk te dwaan. Sa krigen wy 83 punten goed foar in fiifde plak. Gjinn priis mar wol oranjekoek fan in trouwe fan op de repetyasje fan 10 april.

Op de Aginda

We kinne wer werom sjen op in moai seizoen dat hast alwer ôfrûn is. Der is noch in mienskiplik slotkonsert fan it Blazing projekt dêr't de skoalbern oan mei dogge yn de sporthal fan Boalsert op 25 maaie. Ek organisearret Eensgezindheid noch in kofjekonsert, de datum foar dit konsert is 16 juni om 11 oere yn 't Waltahûs. Eltsenien is fan herte wolkom! Fierder wolle wy fan Eensgezindheid jimme allegearre in noflike simmer tawinske!

Kofjekonsert



Snein 16 Juny 2013

Om 11 oere

Yn 't Waltahûs te Tsjerkwert



Okke en Corrie Postma 60 jier troud!

22 April 2013

In moaie, sinnige, winige, frisse aprildei. En de dei wêrop Okke Postma en Corrie Postma-Heeres mar leafst 60 jier troud wiene.

Wy hearden ferline wike noch in ferhaal oer 60 jier ferlyn. Begjin april 1953 fytsten der twa jonge, fereale steltsjes fan Tsjerkwert nei it gemeentehûs yn Wytmarsum. Okke Postma en Fokke Gietema hiene ôfpraten dat se wol mei harren fjouweren nei de amtner koene om yn ûndertrou te gean. Sa fytsten se, de froulju mei wapperjende rokken, nei Wytmarsum. Mar Okke draaide op de Tsjerkwerter hoeke it fytstjoer om en sei: "Ferhip mar!. . . ik wol my net bine!!" en fytste werom. Mar net fier . . . hy hat Corrie en de oare twa gau wer ynhelle. En dat hat fierstreckende gefolgen hân.

Want no is it 22 april, 2013. Geandewei de moarn wurd it fleuriger en kleuriger op de Kade yn Tsjerkwert, by nûmer 10. Earst in flage oan it hûs, dan ballonnen yn'e hage en de tún en by de wetterkant lâns en in flagge oer de âlde, monumentale pisbak.

De middeis skoot partyboat "It Klifrak" troch de trekfeart en leit oan foar de pastorijtún. De rinplanke wurdt útlein by it stalt op de Kade.

Dat wie it idee fan ús as Postma-bern; de wenkeamer fan Heit en Mem Postma grut genôch meitsje foar it hiele famyljeselskip, mei itselde moaie útsicht en sinneljocht en mei catering en betsjinning oan board. Want it is wol sa, grif as jo beiden healwei de tachtich binne, "Oeral thús, mar thús it bêste"! En dat "thús"-gefoel woene wy harren op dizze bisûndere dei eins net ôfnimme.



Partyboat "It Klifrak" foar it hûs van Okke en Corrie

Tsjin trijen kamen broer, susters, bern en bernsbern fan it diamanten breidspear, mei oanhang, oan op de Kade en ta harren fernuvering wie dêr net it ferwachte bakje-mei-gebakje op de fêste wâl, mar oan board!! En mear as dat.

Wy sieten oan'e borrel doe't de achterein fan de boat fol rûn mei korpsleden fan "Eensgezindheid" mei harren ynstrumenten. Pake-/beppesizzer Arjen

pakte de drumstok fan de grutte trom en dêr gong it los; in aubade oer it wetter foar dit diamanten jubileum fan Okke, as earelid, en Corrie. Op de Kade luts dat ek de oandacht fan oare doarpsgenoaten; ek jimme oandacht wie in bydrage oan harren feest.

De korpsleden seagen nei harren musyknoaten, mar wy seagen de gesichten en lichemstaal fan Heit en Mem. Dê't wie dus it hichtepunt fan de dei, Heit swingde suver in bytsje en de oanskode stoel efter him, wie net nedich! Mem sei in dei letter: "Dat skoftke, mei dy muzyk, wie "hemels" en dat fielden wy beiden sa" (en dat foar ien die't selden superlativen brûkt)!

Doe gongen de trossen los en stadich farden wy rjochting Boalsert en genoaten wy fan de fiergesichten oer de griene fjilden. It koe noch krekt efkes, foardat de iepeningstiden fan de brêgen foarby wiene. Op it Krúswetter yn Boalsert kearden wy om en ûnderweis werom nei de Kade kamen de foargerjochten al op 'e tafel.

As "tuskengerjocht" ha wy, as bern, harren tasongen. Fierder ha wy de dei meiïnoar, smaaklik itend, oan de Kade ôfslúten.

In feest om tankber foar te wêzen.

Grytsje Postma

Eensgezindheid tige tank foar jim bisûndere kado oan Okke en Corrie.

Nieuws van Oranjevereniging Mei inoar Ien

Het bestuur van de Oranje vereniging is onlangs versterkt door Aly Schakel. Er is tussentijds een bestuurswisseling geweest daar Anja vd Wolfshaar vervroegd is afgetreden.

Ook wil het bestuur laten weten dat er kopij van elk georganiseerd evenement en uitslagen zoals bv van het kaatsen worden aangeleverd aan de Bolswarder Courant. Echter niet alles wordt tegenwoordig vermeld in de krant, wel wordt elk aangeleverd artikel geplaatst op de site van deze krant! Een aanrader dus om deze site te bezoeken!

Wij zijn alweer druk bezig met de voorbereidingen betreft het Dorpsfeest van 6 en 7 september a.s.! Thema Winter..., de captains krijgen eind juni bericht wat er van de buurten wordt verwacht.

Namens de Oranje vereniging Mei Inoar Ien,
Anita Hekkema

Nasjonale Moledai yn it ramt fan “Molenaar als Erfgoed”

“Immaterieel cultureel erfgoed” hyt it offisjeel en Unesco is de inisjatyfnimmer fan dy list. Op de Nasjonale Moledai waard de erkenning fierd op alle mûnen fan Nederlân: lang om let heart it fak fan mûnder ta ús beskerme erfgoed. It is ek noch it jier wêryn fierd wurdt dat De Hollandsche Molen 90 jier lyn útein sette mei it behâld fan ús mûnen. Dat wie yn 1923 al in oare tiid: mûnen hiene alhiel gjin beskerme status en ferdwûnen by’t soad troch de opkomst fan fabriken en de tapassing fan wynmotoren en gemalen. De âlde mûne like it neisjen te hawwen. Mar it kaam oars, sa leart ús de histoarje en dêrtroch kin hjoeddedei noch folop geniete wurde fan dizze yndrukwekkende monuminten.

Jentsje van der Stap hie it hiem prachtich meand foar it feest fan de Nasjonale Moledai en op de dei sels, sneon 11 maaie, hie mûnder Henk Kuipers fan de Beaubuorstermole foar de besite moaie boekjes klearlein, kreas yn fjouwerkleurenprintwurk “Welkom op de molen”. De mole stie noch mar krekt yn ‘e seilen of der kaam al folk it dykje del. It wiene bûtenlanners, alhiel út Switserlân en hja wiene tige ynteressaerre. Dêrnei bleau it stil: de mole mealde as in tierelier op de krêftige wyn mei buien, mar folk kaam der net. De middeis kaam der wol belangrike besite. Earst wie dat Wiebe Bakker, in jonge knaap út it doarp dy’t syn belangstelling dúdlik blike liet en op myn freegjen sels oanjoech dat er meidetiid wol de oplieding foar frijwillich mûnder dwaan wol. Dat heare wy graach: de jongerein dy’t klearstiet foar de takomst fan ús erfgoed. Mar dan moat er earst 16 wêze. Hy liet him yn elk gefal hiel deechlik ynformearje troch mûnder Henk Kuipers.

Eefkes letter kaam Leen Huisman mei syn pakesizzer del. It lytse folkje moat de leafde foar ús erfgoed al jong bybrocht wurde, sa is Leen syn betinken en dat brocht er sichtber yn praktyk. Wat is it prachtich om pake mei syn pakesizzer sa entûsjast te sjen. Dat is in foto wurdich!



Leen Huisman mei pakesizzer op de Beaubuorstermole

Mar as dy ek wer ôfset binne, bliuwt it stil op it dykje nei de mole en ha wy folop de tiid om by te praten. Sa docht bliken dat Jos Hoogenboom nei jierren

fan aktiviteit foar dizze mole der mei ophâlde moat. Hjirby is hertlike tank foar alles watst' foar de Beabuorstermole dien hast Jos!

In opfolger liket klear te stean. Dat is Jentsje van der Stap, dy't suver yn it skaad fan de molewjukken wennet en meikoarten eksamen dwaan sil. Wy winskje him alfêst in protte súkses ta.

Nei de simmer komt de mole in moai skoft stil te stean. Der stiet in grutte restauraasje oan de skroefbak op priemmen en miskien wurdt ien fan de roeden ek goed neisjoen. Eigener Stichting De Fryske Mole past goed op har mûne en is der wiis mei. Gjin niget dat it Molehúske ek faak brûkt wurdt om der offisjele saken yn te regeljen.



De skroef

Meidetiid mear nijs.
Gerben D. Wijnja

Tsjerkepaad 2013

Ook dit jaar doet Tjerkwerd met de Sint Petruskerk weer mee aan de Tsjerkepaad route.

Op zaterdagmiddagen van 6 juli t/m 14 september zal de kerk geopend zijn van 13.00 -17.00 uur met uitzondering van 10 augustus en 7 september .

We zijn van plan een expositie in te richten over de Skieppesturten van Tjerkwerd in de afgelopen jaren. Heeft u nog een mooie foto van uzelf als Skieppesturt of een mooi verhaal wat erbij past houden wij ons aanbevolen. De opening van de expositie op 6 juli zal op een ludieke wijze gebeuren.

Mocht u ook graag een keer een middag in de kerk de gasten rondleiden en iets over onze interessante kerk vertellen kunt u zich opgeven bij Yde Schakel die de vrijwilligers voor dit gebeuren regelt.

We hopen op een mooie zomer met veel bezoekers voor onze bijzondere kerk.

De Tsjerkepaadcommissie:

Epie Wijngaarden, Fokko Rollema, Yde Schakel, Gjetje Dijkstra, ds. Gerrit Groeneveld

Emailadres: tsjerkepaadtjerkwerd@gmail.com

Koninginnedag Tjerkwerd 30 april 2013

Onder een stralend blauwe hemel een frisse start van een bijzondere laatste Koninginnedag in Tjerkwerd!

De Skieppesturten moesten al vroeg uit de veren, de koffie met wat lekkers aangeboden door de Oranjevereniging en de stichting van het Waltahûs stond om 9.15 uur klaar. Dit alles had te maken met de troonswisseling. Om niets te hoeven missen was er een groot scherm in het Waltahûs om de feestelijkheden live te kunnen volgen.

In het dorpshuis en op het sportveld konden de dorpelingen een aangepast, maar traditioneel, programma volgen; voor elk wat wils. De kaatsers, zowel senioren als de jeugd, goed vertegenwoordigd, gingen als “eerste” los. Hierna volgden de volleyballers. Er is fanatiek en met plezier gesport. De overige basisschool jeugd konden een speurtocht met opdrachten rondom het Koningshuis doen. Iedereen voltooide de opdracht ruim voldoende, het werd beloond met een medaille. Voor wie geen interesse had voor bovengenoemde, of de TV uitzending, waren er Oud Hollandse Spelletjes.

Na de inhuldiging heeft de jongste jeugd naar hartenlust geknutseld aan een kroon, waarna deze tijdens de optocht met medewerking van het korps Eensgezindheid, kon worden geshowd. Op het sportveld volgde de Aubade, waarna de kinderen een ballon hebben opgelaten. En nu maar hopen dat deze ver over zee gekomen is!

Na de prijsuitreiking van de kaatsers, maakten velen zich op voor de jaarlijkse barbecue en het draaiend rad, waar leuke prijzen te winnen waren. Het werd een erg lekkere en gezellige afsluiting van een bijzondere dag, welke begon met een Koningin en eindigde met een Koning!

Uitslag van het volleyballen:

- 1 Willemientjes: Evert Bakker, Jelle Feenstra, Jurjen Koehoorn, Djurre Zijsling, Mireille Galema en Marrit Speerstra
- 2 Willempies: Jelle Zijsling, Bouwe Speerstra, Paulus Witteveen, Agatha Witteveen, Ruurdje Dijkstra

Uitslag van het kaatsen Senioren

Winnaarsronde:

- | | |
|----------------------|------------------------|
| 1 Ype Bote Bonnema | 2 Cor van Zuiden |
| Menno Galama | Freerk Kootstra |
| Atty Gietema | Hotske Burghgraef |
| 3. Thomas Burghgraef | 3 Bert Jan Ouderkerken |
| Jacobien Postma | Anne Gietema |
| Marc de Boer | Martin Jan Koster |

Verliezerronde senioren

1 Jan Hessel De Groot
Rein Bakker
Thomas Huitema

2 Sjoerd Bouma
Klaas Jan Haytema
Robin Bijlsma

Jeugd:

1 Jildert Boersma Janita de Jong
2 Sjoukje de Jong Femke Galama

De opgelaten ballonnen met Koninginnedag hebben best een reis gemaakt!
Drie kaartjes zijn er terug gekomen!

1. Iris Ebbendorf; ballon gevonden in Oude Pekela
2. Niels Bakker . ballon gevonden in Smilde
3. Bert Bekema, ballon gevonden in Koudum
Deze kinderen krijgen een attentie namens de
Oranjevereniging Mei Inoar Ien!
Gefeliciteerd!!



Anita Hekkema

*Tijdens het knutselen in het Waltahuis op
Koninginnedag is een "pandora"
kinderarmbandje blijven liggen.
Het is af te halen op Sylroede 16*

Foto's van konininnedag vind u in het midden van deze Skieppesturt

Koningsspelen op cbs de Reinbôge

We startten met een heerlijk Koningsontbijt
(geleverd door de organisatie) en om 9.30 uur
dansten en zongen we vol enthousiasme mee met het Kinderen voor
Kinderen Koningslied.

Toen konden we starten met onze Koningsspelen. De leerlingen gingen in
groepjes het dorp in, waar op verschillende locaties spelletjes waren die door
ouders bemand werden. Het werd een gezellige ochtend die doordat het ging
regenen wat eerder was afgelopen dan gepland, maar dat mocht de pret niet
drukken. Ook regende het Koningsportret dat op het plein gekleurd werd iets
te vlot weg. Alle kinderen konden in hun groep worden opgevangen en
hebben de ochtend met zijn allen gezellig afgesloten. Behalve het oranje
Konings T-shirt, kreeg iedereen ook een herinneringsbeker mee naar huis.









Tige tank



Wy wolle elkenien tige tank sizze foar al dy bliken fan meilibjen doe't Jelmer sa slim siik wie en nei syn ferstjerren, by it kondolearjen oan hûs en yn it krematorium yn It Hearrenfean /Nijskoat dêr't wy Jelmer syn libben betocht ha. It die ús goed safolle famylje, freonen, kunde en kollega's te moetsjen. Dat wie foar ús in grutte stipe.

Iefke en Gerben Wijnja, Marije en Thomas Groeneveld


Mole De Hersteller yn Sintjânsgea stie yn roustân yn ferbân mei it ferstjerren fan Jelmer. Hy wenne hjir fan 1983 (bertejer) oant 1991 (ferhuizing nei Tsjerkwert) en waard krekt 30 jier jong.



PS. Spesjaal foar ûndersyk is de Stichting Stop Hersentumoren yn it libben roppen. Noch hieltyd ûntbrekt de nedige kennis om dizze hersenoandwaning better behannelber en genêsbere te meitsjen. Mei in kollekte woene wy dizze stichting stypje yn harren wittenskiplik ûndersyk om't dit allinne mar mooglik makke wurdt mei ynkommen donasjefjilden. Yn it krematorium hiene wy dêrom kollektibussen delset. Dêr siet het moaie bedrach fan € 237,40 yn. By ús dochter en skoansoan yn harren wenwinkel Masije te Makkum waard ek in bliksemaksje holden dy't € 267,50 opbrocht. It jild is wilens oermakke oan de Stichting Stop Hersentumoren.

Familieberichten

Geboren:



Grutsk en o sa bliid binne wy
mei de berte fan ús jonkje en broerke

Hidde Sjoerd

Berne op 1 maart 2013

Douwe, Sietske en Jesse Wijngaarden-van der Meulen
Waltawei 19, 8765 LM Tjerkwerd
0515-857263

Overleden:

Jelmer Doede Wijnja geboren: 20-01-1983 overleden: 19-02-2013

Brecht Bakker geboren: 11-05-1925 overleden: 19-02-2013

Rinske Bakker geboren: 11-05-1925 overleden: 08-03-2013

In memoriam

Brechtsje en Rinske Bakker waren een tweeling; geboren in Parrega op 11 mei 1925 en nu bijna tegelijk overleden. Ze zijn dus 87 jaar geworden. Ze werkten vooral in de zorg: Brechtsje in de kraamzorg en later in de ouderenzorg in Huykenstein in Bolsward en Renske als verpleegkundige in Oranjeoord in Harlingen. Ze woonden een groot deel van hun leven op Arkum en verhuisden later naar de Waltaweg 5. Het waren echte dorpsmensen die bekend stonden om hun gastvrijheid. Familie, buren, vrienden en collega's waren altijd welkom. Onder grote belangstelling zijn ze op 25 februari en 14 maart begraven in de voor hun zo dierbare Friese grond.

Bedankt

Wy wolle langs dizze wei eltseien tige dank sizze,
die in wat fan foar dan ik oandacht skonken had
oan us 25 jierige troudei it wie geweldig, Tige Dank!

Sjoerd en Annie Bakker fan Dedzjum.
Ik ut namme fan de bern.

Hallo dorpsgenoten hier even een berichtje van mij. Zoals jullie weten is mijn vrouw Rens op 4 april ernstig van de trap gevallen. Daarbij is ze ongelukkig op de tegels terecht gekomen en heeft ze een dubbele schedelbasisfractuur opgelopen.

Na een verblijf in het UMCG in Groningen, het MCL in Leeuwarden en revalidatieoord Beatrixoord te Haren is Renske op 17 mei weer thuisgekomen.

Wij willen iedereen bedanken voor de belangstelling en de vele kaarten die ze van jullie heeft gekregen.

Wij wensen iedereen een fijne zomer.

Groeten Renske en Sam Dijkstra

22 April wie foar ús in besûndere dei.

It wie ús 60ste houliksdei!

We binne tige yn de blommen setten en hawwe in protte kaartjes krigen.

Ek it korps hat ús in serenade brocht.

Dit allegear hat ús tige goed dien.

Op dizze wize wolte we eltsenien betankje foar alle goede winsken!

Okke en Corrie Postma



Eensgezindheid spilet in aubade foar Okke en Corrie

Optreden Kerkkoor Tjerkwerd – Dedgum en Cresendo Warns.

Op zondag 28 april j.l. hebben de koren van Tjerkwerd-Dedgum en Warns in de Petruskerk van Tjerkwerd afscheid genomen van het oude liedboek van 1973.

In Monnickendam op 25 mei komt er een nieuw liedboek uit met allerlei nieuwe , veranderde en aangepaste liederen. Onze dirigent dhr. Hielke Faber vond dit een mooie gelegenheid om nog een keer samen te zingen uit het oude liedboek. We zongen golden oldies en onondekte , miskende en vergeten liederen. Samen met het koor Cresendo van Warns hebben we de liederen ingestudeerd.

Hielke Faber, onze dirigent, maar ook een prima orgelist bespeelde het orgel en Pytsje Feenstra dirigeerde het hele stel. Het was een prima samenwerking en voor herhaling vatbaar. Dinie Buis- Santing heeft als soliste nog enkele liederen gezongen in samenwerking met het orgel en het koor. Ds. Cor Waringa uit Joure had de leiding en vertelde over de liederen die er gezongen werden en over het liedboek wat er komen gaat. (hij zit namelijk in de Kommisje foar Fryske Eartsjinst).

Al met al was het een heel mooi optreden met ruim honderd toehoorders die zo nu en dan ook uit volle borst meezongen.

Gjettje Dijkstra



Nieuwbouw op It Skieppefjild

Na ongeveer 3 jaar bezig te zijn geweest met voorbereidingen om de bestaande kleed en bergingsruimte te vervangen door nieuwbouw is het dan eindelijk zover. Een paar weken terug zijn wij gestart met de bouw. Zoals het er nu voor staat zal eind april de vloer en fundering worden gestort en is het “grondwerk” daarmee afgerond.

De financiering voor de bouw is in principe rond maar hier is wel bij inbegrepen/begroot € 5.000,00 bij elkaar gebracht door sponsors. Deze sponsoractie is genoemd “De Club van 100” en is begin dit jaar gestart. Inmiddels zijn er een 50 tal aanmeldingen binnen zodat wij nog op zoek zijn naar de andere helft sponsors.

Het is de bedoeling om in de nieuwbouw een sponsor muur te maken waar de namen van de sponsors op komen te staan. Voor een éénmalige gift van € 50,00 kan ook uw/jou naam op deze muur komen te staan. Het blijkt uit de aanmeldingen dat er ook sponsors zijn die geen naam op de muur willen. Dat kan want het is natuurlijk geen verplichting. Graag roepen wij u op om mee te doen met de sponsoractie en te zorgen dat “De Club van 100” ook echt een Club van 100 wordt.

Om mee te doen verzoeken wij u onderstaande strook in te vullen en in te leveren bij Gerben Dijkstra, Dyksicht 7, 8765 LX Tsjerkwert of de gegevens te mailen naar: gjettje@hetnet.nl

Het bedrag € 50,00 (mag ook meer zijn) graag overmaken naar rekening 4335.25.568 ten name van: Dorpsbelang Tjerkwerd inzake kleedruimte Alvast heel hartelijk dank!

Natuurlijk kunt u voor eventuele vragen bij de leden van de nieuwbouwcommissie terecht!

Nieuwbouwcommissie:

Gerben Dijkstra	tel. 579773
Jetske Dijkstra	tel. 560101
Theo Galema	tel. 579338
Jan Postma	tel. 06-4250 6691
Douwe Wijngaarden	tel. 06-1452 4145

Opgavestrook

Ik sponsor de nieuwbouw op It Skieppefjild met € 50,00.

Naam:.....Telefoon:.....

Adres:.....

De naam voor op de sponsormuur is:.....


Jan Witteveen op pylgrimaazje

"Ik hie dochs fakânsje en men sjocht ek noch ris wat"

Pelgrimeren in drie dimensies



*Pelgrimeren is vertragen
Is loslaten
Is verstillen
Is vertrouwen
Vrede met wat was
Vreugde met wat was
En alle goeds voor de toekomst
(út in gedicht fan Marijn van Zon)*



Op in moaie dei mei folop sinneskyn sit ik de jûns by Jan Witteveen oan 'e tafel en reitsje suver net útfrege oer syn reis ferline jier nei Santiago de Compostela. Wy hiene ôfpraat om it der tusken 7 en 8 oere eefkes oer te hawwen, mar it waard al gau tsien oere. Oan ús de taak om alle ferhalen, ynpresjes, gefoelens en bedoelings gear te fetsjen yn in artikeltsje foar 't Skieppesturtsje. In ferhaal dat altyd te koart bliuwt, mar syn mem hie it aardich sketten mei de opmerking: "No Jan, no hoechst it sels net mear te skriuwen."

Pelgrimaazje

Op in jûn siet Jan yn it Waltahûs oan 'e bar doe't Joop Nota it hie oer syn grutte pylgrimaazje nei Santiago de Compostela. Hy hie mei syn Akke de pylgerreis fanút Sint Jabik al foar in grut part rûn, mar it lêste stik troch Spanje stie noch op de "wurklist". "Ik kin moandei wol mei," sei Jan yn reaksje op dy reisplannen. Joop ferbaasd: "Meenst dat?" Jan wie optein, mar sei der daliks by dat Akke it ek goedfine moast. No koe Jan altyd wakker mei Joop en Akke opsjitte, dat de klik wie der wol en dat is nedich ek foar sa'n ûndernimming. Jan soe net it folsleine trajekt meirinne. De tocht oer de bergen fan de Pyreneeën hiene Joop en Akke al folbrocht en Jan soe dêrnei yn Bilbao oansluting sykje om de noardelike foetreis oer de Camino del Norte mei

harren te rinnen. “Ik hie dochs fakânsje en men sjocht ek noch ris wat,” is syn nofteren beskie.



Oankomst yn Bilbao

As lid fan de Jacobsstaf, it genoatskip fan Sint Jacob, fleach Jan op 31 maaie ferline jier fan Skiphol nei Bilbao. It waard syn earste fleanreis. Fanôf it fleanfjild moast er mei de bus nei in bepaalde rotonde yn dy grutte stêd. Dat wie sa ôfpraat mei Joop. Mar doe't Jan dêr útstapte, wiene der gjin Joop en Akke te bekenen. De mobile tillefoan brocht útkomst. “Siest dat gebou wel, daar stane wy,” sei Joop. “Jawis, ik moast oan de oare kant fan de rotonde wêze. It fertrouwen yn in geve ôfspraak hie fertuten dien. De reis koe begjinne en syn offisjeel Credencial del Peregrino (it pylgerpaspoort) krige noch dyselde deis it earste stimpel.

Wat lokke dy no sa, woene wy witte. De nochteren reaksje wie: “Op sich lokke der net sa’n soad.”

En in koart trainingsritsje fan sa’n 20 kilometer moast folstean om de 750 kilometer yn it fiere Spanje ôf te lizzen. Te foet, mei sa min mooglik bagaazje yn ‘e rêchsek en twa kuierstokken dy’t foar wat ekstra stipe soargen. En dan komt er mei in tsjok boek oansetten, fol eigen foto’s. In brede “smile” op syn gesicht ferriedt dat er grutsk is op syn prestaasje.

De Camino del Norte, de noardlike reis nei it beafeartsplak, koe sa op ‘e nij begjinne en die de caminokoarts wer eefkes oplôgjen. Gjûn nîget, de foto’s diene it ferslach fan in yndrukwekkende reis. In tocht dy’t meastentiids by moai waar makke waard en dan is it suver in feest om dat ferstilde lânskip troch te rinnen fol rêst en romte, oer smelle berchpaadsjes en dan wer bylâns brede diken mei boppe harren de grutte A8, de ferkearsdyk dy’t it noarden fan Spanje ûntslute moat en mei Europeesk jild finansierd wurdt. Mar altyd wie der wer it útsicht op de see, de Golf fan Biskaje. Dat makke it ekstra moai.

De nachten waarden trochbrocht yn “albergues”, herbergen dy’t lizze op de rûte nei Santiago. It ferbliuw wie o sa ferskillend, meastentiids ienfâldich,

soms lúks. De adressen hiene se út in spesjaal pylgerboekje. De lokaasjes leine yn lytse doarpes en hiel inkeld earne yn ‘e “middle of nowhere”, ideaal foar de rêstsikers. Soms koest sels kôkje. De boadskippen wiene te heljen yn de “bar-tiendas”, lytse winkeltsjes dytst’ûnderweis tsjinkaamst. Dêr wie fan alles te keap. It guod hong soms njonken de tillevyzje dy’t fansels oan stie en sa’n bar wie goed foar wat drinken of in “Menu del dia”.

Paadsykjen

De gele Jacobsskulp en gele pylken wiisden harren it paad troch dit ferstilde lânskip. Oeral kaamst buorden en oare ferwizings tsjin dy’t dy nei it doel fan de reis brochten. Healwei stiene de skulpen lykwols ferkeard om en dat joech wol ris betizing. De reis gie oer rotsige bergen, troch greiden en bosken, út en troch in stikje wetter oerstekke, troch doarpkes en fansels troch stêden, it minst moaie neffens Jan. Sa moasten se fan Somo nei Santander de baai mei in fearboat oerstekke. En doe by trije kilometer fabrykswand del kuierje. “Saai hear en stjonke dat it dêr die. Dan sjogge wy wat wy mei it miljeu dogge, hoefolle skea wy oanrjochtsje. Kilometers gaslieding ha wy sjoen. Dêr is neat oan. Mar ûnderweis kamen ek wer de kapeltjes, moaie monumintale geboutsjes. En omdat it faak waarm wie sochten wy yn it skaad fan in bushokje plak om kofje te setten en te drinken. In oare kear rekken wy fanút de bergen telâne op it strân, setten dêr kofje en sieden it iten. Oeral kaamst warskôgingsbuorden tsjin foar it autoferkear dat men oppasse moast foar al dy pylgers dy’t ûnderweis wiene. Wy rûnen faak mar gewoan op ‘e dyk om’t der oars gjin paad wie.”

Oernachtsjen

Fansels waard by elk spesjaal tinkplak in stop makke, goed foar in foto om de oantinkens te bewarjen. “Wy ha ek ris yn in kleaster oernachte, by de nonnen. En ek brochten wy de nacht ris troch by in pastoar. Dat wie tige fersoarge. Dy man fûn it prachtich en fertelde hûndert út, oer de natoer dêr en fansels oer it nut fan de pylgrimaazje. Jan dêroer: “Foar elkenien is it eins oars. De iene siket it aventoer, in oarenien folsleine rêst of besinning. Wer oaren dogge it út religieus eachpunt of beskôgje it as in sportive útdaging. “Sliepplak waard ek ris fûn yn in sporthal mei de judomatten as rêstplak, mei nêst harren in stasjon dêr’t op oere en tiid in trein del dindere. Ek in skoalle die al ris tsjinst as herberch. Of in âld skoalle mei bêden yn it klaslokaal as wie it in sliepseal.

“Och, men moat gjin easken stelle wat it sliepen oanbelanget. Jo witte nea wer’t jo komme. En eardopkes binne oan te rieden want oars dochst gjin each

ticht fan it snoarkjen.“ Jan kocht se al gau, wiis wurden troch de ûnderfining en joech Akke ek in pear. Dy wie der mar wat bliid mei. Wy oernachten ek ris in kear yn in lúks appartemint mei swimbad! Mar it wetter wie kâld hear. Waskjen diene wy by de waskbakken fan de herbergen. Ienris kaam in lyts húske op ús paad om te oernachtsjen. Der wiene mar twa matrassen foar ús trijen. Dus de matrassen oerdwers oer de flier lein en sa hiene wy mei ús trijen krekt genôch romte. Men moat net te krekt sjen. En wy hiene dochs in dak boppe de holle.”

Iten



It iten foar ûnderweis waard ek yn supermerken kocht. Sa koene se sels kôkje. Spesjale pylgmenu's waarden op de rûte oanbean en by partikulieren waard geregeld oanskood. De fiertaal?

Ingelsk foar safier dat fan beide kanten slagje woe. “Opfallend wie de grutte gastfrijheid,” neffens Jan. In hichtepunt wie de besite oan it museumstedsje Santillana del Mar. It is in tige âld plakje dat de sfear fan de midsieuwen azemet. It leit yn ‘e heuvels op in pear kilometer fan de see. Yn dy sfearfolle omjouwing fierde Jan ek syn 22^{ste} jierdei, yn in kroechje.

Jan: “Wy ha der in pilske op nommen hear.” Hoe kin it ek oars.

De diken wiene dêr befluorre mei keistientsjes lâns de muorren fan gielgrize sânstien. Hjir en dêr stie by in souvenirswinkeltsje in aansichtkaartenmole de oandacht fan de toerist te lûken, mar it monumintale fermidden rôp suver om fêstlein te wurden mei eigen fototastel. En dat ha se folop dien.

It reinde ek wol ris. “Dêr wurdst net fleurich fan hear. Mar dan lei der ûnderweis ek samar wer earne in kuorke mei synappels. In buordtsje yn fjouwer talen makke dúdlik dat dit allinne foar pylgers bestemd wie. Soms

rekken wy it paad bjuster. Mei help fan in boekje slagge it lykwols alle kearen wer de rûte werom te finen.”

Santiago de Compostela

En dan is dêr de KATHEDRAAL fan Santiago de Compostela, boud op de oerbliuwsels fan in tsjerke út it jier 800, in yndrukwekkend godshûs dat sûnt 1985 opnommen is yn de list fan ferneamd Wrâlderfguod fan Unesco. De kathedraal is 97 m lang en 22 m heech. It súdportaal is yn romaanske styl, it westportaal is barok en de noardkant neoklassisistysk en it hat in goatyske kleastergong. Hiel bysûnder is de Botafumeiro, in mangelheech wierookfet dat yn 1851 makke is troch de goudsmid José Losada. Op heechtiidagen wurdt it oan ‘e ein fan de mis oan touwen ophongen en troch in stik as acht mannen yn spesjale klaaiïng hinne en wer slingere troch it dwersskip hinne. In bysûnder barren. Jan: “It wie wol in moai gebou hear, fan binnen ek. In moaie erfaring mar der gong weinig troch my hinne.” Jan bliuwt gewoan Jan, mei beide skonken op ‘grûn, ek al is it hillige Spaanske grûn.

Moetsjen



Jan: “Ûnderweis moetsje wy in protte ferskillende minsken, yn de herbergen en op it paad, sy komme út alle dielen fan de wrâld. Regelmjittich meitsje wy in praatsje: wer komme jim wei, hoe giet it rinnen, ek lêst fan blieren? Sa

krijst kunde, minsken dy't bysûndere ferhalen fertelle oer wat der allegearre op harren (libbens)paad komt. Meastentiids moetsje wy dizze minsken yn oare plakken wer. Dit is in hiele bysûndere ûnderfining. Sa kamen wy ek twa leeftiidsgenoaten tsjin, in jier as 22, ien út Canada en ien út Ingelân. In pilske drinke en ferhale fansels. Letter komst elkoar wer tsjin en dan fielt it as in soart fan reuny. Dan bist bliid elkoar wer te sjen. Sa kamen Joop en Akke ek trije Frânsken tsjin, hieltyd mar wer. Doe't ik der by kaam, troffen wy se wer. Uteinlik moasten twa nei hûs werom en nei inkele dagen hat de Frânskman him by ús oansluten en sa hawwe wy twa wiken mei ús fjouweren rûn. In bysûndere tiid en in bysûnder ofskie. Wy binne fan doel him wer ris op te sykjen. De kontakten dy't men opdocht binne hiel bysûnder en neffens ús in belangryk ûnderdiel fan de Camino de Santiago.”

Einbestimming

Hjirnei wiene der noch trije dagen te rinnen. De einbestimming wie Fisterra oan 'e kust fan de Atlantyske Oseaan. De lêste dei moast der noch 40 kilometer ôflein wurde, mar doe't de see yn sicht



wie, fiede it as kamen se mei de minút tichterby. In moai slútstik, neffens Jan. “Wy ha dêr hearlik rêstich sitten, einliks de skuon útdwaan, de stientjes der út rûgelje en wat tillefoantsjes plege.” It paspoort siet nei 750 kilometers kuierjen stiiffoel stimpels en blierren ha se amper hân. Op 1 july waard it lêste stimpel set.

Jan is dêrmei de winske ûnderfining riker: it aventoer fan ûnderweis wêzen sûnder krekt te witten wat de dei bringe sil. Hy priizget de gastfrijheid fan it Spaanske folk. “Ik wist net dat ik rinnen leuk fûn. Sûnder Joop en Akke hie ik it nea dien. Earst mar net wer, mar as de útdaging myn kant wer opkomt, doch ik it miskien wol ris wer. Mar dan nei in oar plak fan de wrâld.”

Gerben D. Wijnja

Hjirby foar de leafhawwers noch in link fan de Botafumeiro:

<http://www.youtube.com/watch?v=-R0gd5LRkVE>

Klaverjasseizoen 2012/2013

Nei in seizoen fan 22 jûnen wie de leste kaertjûn op 9 april.

Nei in pear jier ôfwêzigens koene we Reinier wer wolkom hjitte.

Krekt as ferline jier gyng de beker ek dit jier wer nei Parregea, en wol nei, Douwe en Aukje mei in gemiddelde fan 4812



1. Douwe & Aukje	4812	11. Albertus Timmer	4577
2. Pieter Statema	4788	12. Bertus Walsma	4575
3. Anno Galama	4762	13. Eeltje & Gonnie	4546
4. Jouke Hettinga	4755	14. Gea Galama	4482
5. Riet Bruinsma	4723	15. Jelle Zijsling	4451
6. Broer & Riekje	4713	16. Sjoerd Bouma	5145 (10x gekaart)
7. Betty Jellema	4694	17. Bas & Afke	4740 (13x gekaart)
8. Jitte Huitema	4690	18. Yde Schakel	4481 (8x gekaart)
9. Jelle & Afke	4660	19. Reinier v.d. Steege	4398 (12x gekaart)
10. Fokko Rollema	4632		

Hoogste totaal	Aukje	6306
Laagste totaal	Albertus	2974
Hoogste boom	Jouke/Anno	2444
Laagste boom	Reinier/Riet	661

Leuke slag voor Jaap en Riet:
4 vrouwen (100 roem)

Nieuws van KF de Twa Doarpen

Voor wie zich afvraagt wie de beste kaatsers van 2012 waren, volgen hier de nrs 1 t/m 10 van de competitie van vorig seizoen:

Jeugd:

1. Lucas Bijlsma, 79 pnt
2. Kirsten Bijlsma, 72 pnt
3. Sigrid de Boer, 69 pnt
4. Ilse Galema, 68 pnt (37 tegen)
5. Femke Galama, 68 pnt (65 tegen)
6. Sygnie Steegstra, 67 pnt (53 tegen)
7. Jan Jochem de Boer, 67 pnt (55 tegen)
8. Marrit Speerstra, 65 pnt (47 tegen)
9. Jildou Speerstra, 65 pnt (56 tegen)
10. Oane Tjalma, 65 pnt (57 tegen)



Heren:

1. Anne Bakker, 95 pnt (56 tegen)
2. Auke Walsma, 95 pnt (58 tegen)
3. Sven Bijlsma, 93 pnt
4. Seakle Witteveen, 83 pnt
5. Rein Bakker, 81 pnt
6. Anne Gietema, 75 pnt
7. Anno Galama, 71 pnt
8. Ids Walsma, 67 pnt
9. Robin Bijlsma, 60 pnt
10. Hidde Lemstra, 53 pnt

Dames:

1. Freerkje Walsma, 70 pnt
2. Atty Gietema, 52 pnt
3. Hotske Burghgraef, 42 pnt
4. Sietske vd Meulen, 33 pnt
5. Lianne Burghgraef, 25 pnt
6. Thea Zijlsing, 23 pnt
7. Rowanne Terpstra, 19 pnt
8. Anita Haarsma, 17 pnt
9. Agatha Witteveen, 15 pnt
10. Joke de Jong, 14 pnt

Het is inmiddels alweer mei en traditiegetrouw start dan in Tjerkwerd het kaatsseizoen. Alle competitie en trainingsgegevens voor 2013 even op een rijtje:

Op dinsdag:

- 18.45 – 19.30 Trainen voor kinderen uit **groep 3 en 4**.
18.30 – 20.00 Trainen en competitie kaatsen voor de kinderen uit **groep 5 t/m 8**.
19.30 – ... Trainen/kaatsles voor **dames**.

Op donderdag:

Competitiekaatsen voor **iedereen die niet meer op de basisschool zit**.

Pearkekeatsen in Tjerkwerd

13 partuur stond er op de lijst voor het pearkekeatsen in Tjerkwerd op zondag 12 mei. Het werd een mooie kaatsdag waarbij een aantal zeer verrassende pearkes in de prijzen vielen. Voor hen waren er mooie vleesprijzen, die werden gesponsord door dorps huis It Waltahûs. De kransen voor de winnaars en bloemen voor de winnaars van de verliezersronde werden aangeboden door BloEICentrum Burghgraef uit Balk.

De kransen waren voor Auke Walsma en Jacobien Postma, die duidelijk lieten zien dat zij het beste pearke van de dag waren. Hun spannendste partij kaatsten zij in de tweede omloop tegen Seakle Witteveen en Freerkje Walsma. In deze partij werd het 5-4 6-4. In de andere drie omlopen kregen Auke en Jacobien maar één eerst tegen. De terechte winnaars dus!



De winnaars Jacobien Postma en Auke Walsma

Op de tweede plek eindigden verrassend Jan Hessel de Groot en Sigrid de Boer. Sigrid kaatst dit jaar voor het eerst met de senioren mee, maar er was niets te merken van een lastige overgang van jeugd naar senioren. De eerste twee omlopen won dit tweetal beide keren met 5-0 6-2. In de halve finale kregen ze iets meer tegenstand van Sven en Kirsten Bijlsma, 5-2 6-0. In de finale konden ze het echter niet bolwerken tegen Auke en Jacobien.

Gedeeld derde werden Rein Bakker en Lieke van As en Sven en Kirsten Bijlsma. Ook Kirsten kaatste voor het eerst met de senioren mee, met een prachtig resultaat!

In de verliezersronde ging de finale tussen Anne Bakker en Sietske vd Meulen en Ype Bote Bonnema en Lisanne Burghgreaf. Beide parturen hadden flinke opstart problemen in de eerste omloop, maar waren daarna vrij overtuigend door de tweede en derde omloop gekomen. In de finale bleken ze goed aan

elkaar gewaagd. Het werd uiteindelijk 5-5 6-0 in het voordeel van Ype Bote en Lianne.

Na afloop van de partij was het nog lang gezellig in dorps huis It Waltahûs, met muziek van troubadour Jan Nota.

‘Stappers van Toen’,

Wie is er vroeger niet een keer geweest? Het Blauhúster Túnfeest. Al ruim 51 jaar trekken vele mensen over de bochtige wegen naar de beroemde en beruchte feestlocatie naast de machtige St. Vituskerk in Blauhús.

De unieke locatie, de gezellige en gemoedelijke sfeer zorgen ieder jaar weer voor een topfeest. Door de jaren heen hebben vele mensen het feest bezocht. Voorheen altijd traditioneel op zondagavond, dit jaar barst het feest al los op zaterdagavond. Met de top act, ***Tribute To The Cats band***.

Deze avond is speciaal bedoeld voor de ‘stappers van toen’. We hopen samen met jou als oud-túnfeestganger een feest te beleven met een hoog reünie gehalte. Dus trommel klasgenoten van vroeger, oud-stapmaten, dorpsgenoten etc. op en kom zaterdagavond 22 juni een ouderwets gezellige avond beleven. Haal onder het genot van een koud glaasje bier oude herinneringen op. Slecht weer is geen excuus, er zijn dan tenten aanwezig.

Daarnaast is er ook gewoon feest op zondagavond met de bands: ***Hooked on Red*** en ***Papa Di Grazi*** die de tuin ongetwijfeld plat zullen spelen.

Graag tot ziens op 22 en 23 juni in de pastorietaan.



Ynstee fan snypsnaren: In puzzel!

Meitsje d'r wat moais fan:

Wa rûn in stikje mei nei Santiago de Compostella? .._

Hoe hjit de nije hûn / blaffend knyn, fan de fam. Haytema? . _ . .

Welke ynstallaasjebedriuw sit der op de Singel? _..

Welke man fan Ymswâlde krige yn april syn earste pensioen?_...

Wat is de namme fan de lêste Skieppesturt-winner?_...

Wat is dit jier it tema fan it Tsjerkepaad yn Tsjerkwert ? . _

Wat is dizze simmer it thema mei it feest?_.

.....

Wa binne de winners fan it kaarten? ..._.. ..

No is it in puzzel, mar oars fine jo hjir de_....

Wa wenje der no op de Sylroede 21? fam.

Iten side dogge wy mei: _

Jo skilje Rintsje at jo lest hawwe fan _ yn 'e tún

By wa kinne jo nifelje yn it tsjerkje? ...

By welke famylje siet de poes foarich jier klem? Fam._....

Hoe hjit de jongste ynwenner fan Tsjerkwert? . _

Wa wiene op 22 april 60 jier troud? en

Wa is dit jier de winner fan de biljert-kompetysje?

Wa syn twadde leafde hjit Wilhelmina? .._..


Welke âld-ynwenster fan Tsjerkwert krige yn april in lintsje fan de keninginne?

Bring de letters op de streepkes oer:


_____!

Dit is wat wy jim tawinskje !

De oplossing kin ynlvere wurde by de redaksje en wa wit binne jo de winner!



Voor een gezellig familie- of bedrijfsuitje kunt u uitstekend terecht bij De Friese Bierbrouwerij



SINGLE MALT WHISKY
FRYSK HYNDER
Golden Spirit of Frisia

Een sfeervolle locatie met
volop mogelijkheden.

Wij kunnen u een rondleiding
door de brouwerij aanbieden
in combinatie met een koffietafel
of koud/warm buffet.

Meer informatie hierover kunt
u vinden op onze website

www.bierbrouwerij-usheit.nl
of bel (0515)577449



 **PROAST**

Snekerstraat 43 8701 XC Bolsward Telefoon (0515) 577449

Verwen je voeten, welkom bij de pedicure

Luister naar uw voeten, pijnlijke voeten zijn niet normaal, verdring de pijn aan uw voeten dus niet... maar doe er wat aan!

Voor een afspraak kunt u contact opnemen met:

Richtje Hiemstra-Boersma
Van Panhuysweg 6
8765 LH Tjerkwerd


Landelijke Organisatie voor de
Voetverzorging / Pedicure

de miniatureschuur

G. Folkertsma

Ymswâlderleane 3

8765 LT Tjerkwerd

**Bruder – Britains – Rolly Toys
– Siku – Universal Hobby's**



Iedere werkdag open
van 18.00 – 20.00 uur

Anders even bellen: 0515-575873/ b.g.g. 06-15415142



Miedema Lighting **Besparingstechniek**

Voor al uw energie zuinige verlichting en
installatie aanleg kijk voor meer info:

www.spaarlampen.eu 06-25146668

